

LITURGY SNEIN 10 SEPTIMBER 2006 BOKSUM

Ps. 116

Wolkom

Sjonge: Psalm 100

Bemoediching

Kyriegebed (1101) *gied*

Sjonge: Gesang 44: 3

Gebed

Skriftlêzing: PSALM 116

Sjonge: Gesang 326: 1 en 4

Meditaasje

Sjonge (kollekteliet): Gesang 473: 1, 5 en 7

Tafelgebed (226) *Brûn*  
*Gesang 351* *loft*

Sjonge: Gesang 363

Kommuny *Tafelgebed (352)*

Slotsang: Gesang 479: 1 en 4

Segen (353)

De faas dy't brutsen is.

Ald 1759 / delfts blau  
Krigen fan in goede freon  
By ferhúzing papier deryn tsjin gefaar fan brekken  
It papier sit der noch yn

Op it earste gesicht sjocht dy der goed út  
Wat stiet derop  
It liket moai

Mar oan de efterkant sjogge wy skuorren yn de faas  
De faas is in kear hurd op in stiennen flier delkommen en brutsen.

Sa is ek it libben fan de minsken  
Oan de butenkant sjocht er der noch wol goed út  
Mar derachter sitte skuorren en wûnen  
Minsken hawwe syk west  
Hawwe elkoar fertriet oandien  
Elkoar seardien  
En dy skuorren fyne wy by in protte minsken

God sjocht ek us brekken en lekken.  
En God jowt us leafde om de pine oan te kinnen

Derom brekke wy aanst it brea.  
Want dan tinke wy oan it libben dat brekber is  
En derby tinke wy oan God  
Dy't troch syn leafde ús libben beskermet.

## PSALM 116

Gemeente fan Jezus,

Dat it libben brekber is, dat witte wy.  
(De alde faas is der in tekenend byld fan)  
It libben is brekber om't wy bedrige wurde troch sykte, troch gefaren, troch angsten  
It libben is foargoed brekber om't wy allegear ien kear stjerre sille.

De Psalmist fan Psalm 116 betanket God omdat hy nei in slimme sykte wer better wurden is.

In syn sykte hie hy God bidden: Heare redt myn libben.

En wie ek sa bart.

Hy hie it der libben ôfbrocht.

Hy is wer yn it lân fan de libbenen.

*Hy hat it libben ôfbrocht.*

Hy fertelt ek dat de minsken om him hinne net hoopfol wienen.

Se hiene him al opjoun.

"Alle minsken falle my ôf, mar de Hear hat my goed dien." sa sjongt er.

*- oars it ein*  
En dan neamt hy himsels in tsjinner fan de Hear. Blykber is hy sa bliid mei syn redding dat hy syn libben weidzje sil oan de tsjinst oan God.

Sa kin it gean.

*alle dagen yn 'e tsjinst, yn 7.*  
De measte minsken dy't syk reitsje, tominsk yn de ryke wrâld, wurde wer better.

En dan tankje wy God, dat wy it libben weromkrije.

Sa kin it gean. Mar it kin ek oars rinne.

Sykte kin ús oerfalle. In ûngemak kin ús treffe. Wy kinnen fan it iene op it oare momint stjerre. En wat bidde wy dan? Wat sizze wy dan tsjin God?

Wat dogge wy as gebeden net ferheard wurde?

Wat dogge wy as de faas fan ús libben op in stiennen flier falt en de skerven skeven bliuwe?

De fraach komt hjir op, oft God, dy't ús gebed heart, wol sa goed nei ús lústert dat ús gebed ek fêrheard wurd?

En dan likter it dat it allegear sa willekeurig is.

It iene gebed wurd ferheart, oare gebeden net.

God heart ús, mar lústert er ek?

De Psalmist seit fan wol: "Ik wie der min oan ta, mar God hat My ferlost.

~~Ik~~ Yn de earste rigel seit er al: "Ik haw de Heare tige leaf, om't er nei myn smeejken harket." Om't er it ear nei my hâlden hat sil ik Him oanroppe myn libben lang.

God heart ús bidden, mar harket er ek nei ús?

Ik liuw dat der op dizze fraach allinich in persoanlik antwurd mooglik is.

Ik kin allinich foar mysels sizze as God wol of net nei my harket.

En fierder moatte wy fertrouwe op de getúgenissen dy't wy krije yn de Bibel en om ús hinne.

Yn de skiednis fan Israël seit God: Ik haw jim ellinde yn Egypte sjoen.

En as Jezus minsken moetet, dan binne dat foaral minsken waans libben skeint is. It binne de fasen mei brekken deryn, wer't Jezus op ta giet.

Sa lit Jezus sjen dat God ús brekbere libben yn syn leafde drage wol.

*Jes' & Joost*

Hjoed meie wy wer in nij begjin meitsje mei us leauwen, dat God ús libben yn leafde draacht.

Der is ien hiel de wrâld net ien klear bewiis, dat in gebed ferheard is. Want net in minsk ken yn de himel sjen.

It is en bliuwt in saak fan leauwen, dat God nei ús harket, en dat Hy us helpt wer't er kin.

*Ma* Dat it libben brekber is, dat kin ús sa sear dwaan, dat wy beslúte ophâlde te bidden.

Mar it is better foar ús om it gebed fol te hâlden dwers tsjin de pine yn.

En om it fol te hâlden, derom moetsje wy elkoar alle sneinen wer yn tsjerke, om it wer opnij te hearen.

En om it gebed fol te hâlden, derom brekke wy it brea en drinke wy de wyn en betinke wy Jezus dy't syn libben joun hat om it minskdom te rêdden fan skuld en angst.

Lit ús dan dit miel fiere en derby wer it persoanlik beslút nimme, om biddend yn it libben te stean. Om biddend te wêzen foar alle skuorren dy't der binne yn de skepping, biddend foar alle minsken dy't ferwûne rekke binne. Biddend, yn it leauwen dat de himel derfoar iepenstiet.

Skrift en tafel roppe ús op ta in biddend libben.

Mei God ús alle dagen de krêft jaan om dat te folbringen. *er folte hâlden*

AMEN